

Voorwoord



In 2024 wilden we een solide basis leggen om in de toekomst te blijven zorgen voor veiligheid en voldoende en schoon water. Daarvoor hebben we flinke stappen gezet. Die leiden tot positieve resultaten, ook in financieel opzicht.

We gingen 2024 in met het voornemen om 96 beleidsmaatregelen uit te voeren. In deze jaarstukken komen ze stuk voor stuk langs. Het overgrote deel is volgens plan opgepakt: 85 stuks zijn gerealiseerd, 10 andere zijn deels gerealiseerd in 2025 en eentje - het gebruiken van kunstmatige intelligentie in het schouwbeheer - is nog niet rijp voor invoering.

Dijkversterkingen

Voor de besluitvorming over dijkversterkingen stelden we met ons algemeen bestuur een agenda vast. Die bewees zijn waarde bij de herziening van de projectbegroting voor Koehool-Lauwersmeer en het oppakken van de eerste uitvoeringsklus op dit traject: de aanpak van de steenbekleding op het meest westelijke deel. Voor de dijk- en duinversterking op Schiermonnikoog is een voorkeursoplossing bepaald. In het oog springend was de berging van een vliegtuigwrak uit de Tweede Wereldoorlog dat onder de primaire kering lag tussen Holwerd en Ternaard. Het gat in de dijk was veilig gedicht voor het stormseizoen.

Toekomstbestendig watersysteem

In het werken aan een toekomstbestendig watersysteem kregen we te maken met een belangrijke ommezwaai in Den Haag, waar het Nationaal Programma Landelijk Gebied en het daaraan gekoppelde transitiefonds vervielen. Dit haalde de vaart uit de in 2022 gestarte samenwerking tussen Friese overheden binnen het Fries Programma Landelijk Gebied. Voor ons was dit FPLG een hefboom voor de ideeën voor een toekomstbestendig watersysteem die zijn verwoord in onze Blauwe Omgevingsvisie (BOVi). Het uitgangspunt dat water en bodem sturend horen te zijn in de inrichting van ons werkgebied hielden we overeind. We gingen in 2024 aan de slag gegaan met de vertaling van de van de BOVi naar beleid en gingen met Friese overheden in gesprek over het actualiseren van de Watertoets.

Meer boezemcapaciteit

De toekomst van ons watersysteem staat ook centraal in het boezemplan, waarmee we in 2024 een begin maakten. De modellen hierin zullen ons helpen bij de keuze over de bouw van een of meer nieuwe zeegemalen. Om in natte tijden genoeg water te kunnen vasthouden, werkten we met de provincie en natuur- en andere partijen aan het vergroten van de capaciteit van de Friese boezem. Het gebied Bouwepet kreeg 84 hectare waterberging, een nieuwe zomerpolder in project Wielsicht biedt ruimte in geval van nood en de herinrichting van de Himpensermar als opvanggebied is in voorbereiding.

Feangreide Fryslân

Onder de vlag van Feangreide Fryslân zijn nieuwe stappen gezet in de gebieden Aldeboarn-De Deelen, Hegewarren en Idzegea. De Compensatie Systematiek Veenweiden (CSV) die is ontwikkeld om eigenaren en gebruikers van landbouwgrond te compenseren voor vermogens- en inkomensschade bij vernattingsmaatregelen, is bestuurlijk vastgesteld en wordt nu getoetst in Brussel. Een uitdaging in het veenweidegebied zijn de funderingsproblemen waarmee sommige woningbezitters kampen. Om hen tegemoet te komen openden we in 2024 een Fries Funderingsloket en een subsidieregeling voor onderzoek. Van de 13 zogenoemde coderoodgevallen is het merendeel inmiddels geholpen.

Kaderrichtlijn Water

We streven naar schoon en gezond water in ons hele werkgebied. Daarom hebben we in 2024 onze verantwoordelijkheid genomen voor het halen van de doelen van de Kaderrichtlijn Water (KRW). Op basis van een evaluatie besloten we de komende jaren € 5 miljoen extra te investeren in het uitvoeren van een gewijzigd effectiever pakket aan maatregelen ter verbetering van de ecologische en chemische kwaliteit van ons water.

Waterzuiveringen

In onze waterzuiveringen speelt het streven naar duurzaamheid een voorname rol, omdat hier 70 procent van ons energieverbruik en 40 procent van onze uitstoot van broeikasgassen plaatsvindt. Daarom werken we hier aan het besparen en opwekken van energie, het verminderen van onze uitstoot en het terugwinnen van herbruikbare stoffen. Een mijlpaal was de ingebruikname van het eerste deel van de nieuwe slibontwateringsinstallatie in Heerenveen. De nieuwe centrifuges draaien effectiever dan verwacht, wat een besparing oplevert in de kosten van de afvoer van ontwaterd rioolslib.

Jelsumerfeart

Begin 2024 werd Wetterskip Fryslân geconfronteerd met een hoge concentratie PFAS/PFOS in het oppervlaktewater van de Jelsumerfeart tussen de Vliegbasis Leeuwarden en de Dokkumer Ie. Sindsdien zijn door ons kosten gemaakt voor onderzoek en het nemen van maatregelen in het gebied. Deze kosten worden bijgehouden. Onze inzet blijft erop gericht om uiteindelijk te komen tot een volledige vergoeding van alle gemaakte en te maken kosten, op basis van het principe dat de vervuiler betaalt. Hiertoe laten wij ons juridisch bijstaan en wordt een juridisch dossier opgebouwd door onze huisadvocaat Trip. De Staat der Nederlanden is door ons schriftelijk aansprakelijk gesteld voor de schade als gevolg van de verontreiniging met PFAS/PFOS. Naast deze formele aansprakelijkheidstelling sturen we actief op handhaving en op het bevorderen van het proces om in goed overleg met partijen te komen tot afspraken over de sanering, de planning daarvan en de kosten.

Breed gedragen koers

2024 was het eerste volle kalenderjaar van ons dagelijks en algemeen bestuur. Waar we in 2023 nog werkten op basis van een begroting van het vorige bestuur, kozen we in 2024 een breed gedragen eigen koers. Dit deden we tegen de achtergrond van de toenemende complexiteit van ons werk. We hebben te maken met een veranderend klimaat - geïllustreerd door hoogwaterperioden in januari en november - en met oplopende kosten. Die laatste vloeien voort uit de noodzaak te investeren in onze assets en uit marktontwikkelingen waarop we nauwelijks invloed hebben, zoals inflatie, oplopende rentes, de krappe arbeidsmarkt en hoge energieprijzen. Kostenstijgingen zijn een blijvend gegeven, zo is recent zichtbaar gemaakt in een financiële doorkijk naar 2050.

Stabieler tarieven

Voor het maken van de begroting voor 2024 werden alle uitgaven kritisch tegen het licht gehouden. Het streven is te werken met stabieler belastingtarieven en een sluitende begroting, waarbinnen vaste kosten betaald zijn uit vaste inkomsten en reserves alleen worden aangesproken voor eenmalige uitgaven. Dit resulteerde in een begroting die ten opzichte van 2023 een sprong maakte van € 176 miljoen naar € 203 miljoen, met meestijgende lasten voor inwoners en bedrijven.

Positief resultaat

Bij het opmaken van de balans is de conclusie dat het is gelukt binnen de kaders van deze begroting te blijven. We sloten 2024 af met een klein positief resultaat van € 124.000.

Luzette Kroon, dijkgraaf
Evelien van der Kuil, interim secretaris-directeur

Foaropwurd

Yn 2024 woene we in solide basis lizze om yn de takomst soargje te bliuwen foar feiligens en genôch en skjin wetter. Dêrfoar ha we flinke stappen set. Dy liede ta positive resultaten, ek finansjeel.

Wy giene 2024 yn mei it foarnimmen om g6 beliedsmaatregels út te fieren. Yn dizze jierstikken komme se stik foar stik del. Fierwei it grutste part is neffens plan oppakt: 85 stiks lizze op skema, 10 oare binne foar in part realisearre yn 2025 en ien - it brûken fan keunstmjittige yntelliginsje yn it skoubehear - is noch net ryp foar ynfiering.

Dykfersterkingen

Foar de beslútfoarming oer dykfersterkingen stelden wy mei ús algemien bestjoer in agenda fêst. Dy bewiisde syn wearde by it wersjen fan de projektbegutting foar Koehoal-Lauwersmar en it oppakken fan de earste útfieringsklus op dit trajekt: de oanpak fan de stienbeklaaiing op it meast westlike part. Foar de dyk - en dúnfersterking op Skiermûntseach is in foarkarsoplossing bepaald. Yn it each springend wie de berging fan in fleantúchwrak út de Twadde Wrâldoarloch dat ûnder de primêre kearing lei tusken Holwert en Ternaard. It gat yn de dyk wie feilich tichtmakke foar it stoarmseizoen.

Takomstbestindich wettersysteem

Yn it wurkjen oan in takomstbestindich wettersysteem krigen wy te krijen mei in wichtige omkear yn Den Haach, dêr't it Nasjonaal Programma Lanlik Gebiet en it hjiroan keppele transysjefûns ferfoelen. Dit helle de gong út de gearwurking sa't dy yn 2022 yn gong setten wie tusken Fryske oerheden binnen it Frysk Programma Lanlik Gebiet. Foar ús wie dit FPLG in hefbeam foar de ideeën foar in takomstbestindich wettersysteem dy't ferwurde binne yn ús Blauwe Omjouwingsfisy (BOVi). It útgangspunt dat wetter en boaiem stjoerend hearre te wêzen yn de ynrjochting fan ús wurkgebiet holden wy oerein. Wy giene yn 2024 oan de slach mei de omsetting fan de BOVi nei belied en giene mei Fryske oerheden yn petear oer it aktualisearjen fan de Wettertoets.

Mear boezemkapasiteit

De takomst fan ús wettersysteem stiet ek sintraal yn it boezemplan, wêrmei't we yn 2024 in begjin makken. De modellen hjiryn sille ús helpe by de kar oer de bou fan ien of mear nije seegemalen. Om yn wiete tiden genôch wetter fêsthâlde te kinnen, wurken wy mei de provinsje en natuer - en oare partijen oan it fergrutsjen fan de kapasiteit fan de Fryske boezem. It gebiet Bouwepet krige 84 bunder wetterberging, in nije simmerpolder yn projekt Wielsicht biedt romte yn gefal fan need en de werynrjochting fan de Himpensermar as opfanggebiet is yn tarieding.

Feangreide Fryslân

Under de flagge fan Feangreide Fryslân binne nije stappen set yn de gebieten Aldeboarn-De Deelen, Hegewarren en Idzegea. De Kompensaasje Systematyk Feangreiden (CSV) dy't ûntwikkele is om eigeners en brûkers fan lânbougrûn te kompensearjen foar fermogens- en ynkommensskea by maatregels om in gebiet wieter te meitsjen, is bestjoerlik fêststeld en wurdt no toetst yn Brussel. In útdaging yn it feangreidegebiet binne de fundearingsproblemen dêr't guon wenningbesitters mei te krijen hawwe. Om harren temjitte te kommen iepenen wy yn 2024 in Frysk Funderingsloket en in subsydzjeregeling foar ûndersyk. Fan de 13 saneamde koadereadgefallen is it grutste part yntusken holpen.

Kaderrjochtline Wetter

Wy stribje nei skjin en sûn wetter yn ús hiele wurkgebiet. Dêrom hawwe wy yn 2024 ús ferantwurdlikheid naam foar it heljen fan de doelen fan de Kaderrjochtline Wetter (KRW). Op basis fan in evaluaasje besleaten wy om de kommende jierren € 5 miljoen ekstra te ynvestearjen yn it útfieren fan in pakket oan maatregels foar it ferbetterjen fan de ekologyske en gemyske kwaliteit fan ús wetter.

Wettersuveringen

Yn ús wettersuveringen spilet it stribjen nei duorsumens in wichtige rol, om't hjir 70 persint fan ús enerzjyferbrûk en 40 persint fan ús útstjit fan broeikasgassen plakfynt. Dêrom wurkje wy hjir oan it besparjen en opwekken fan enerzjy, it ferminderjen fan ús útstjit en it weromwinnen fan werbrûkbere stoffen. In mylpeal wie it yn gebrûk nimmen fan it earste part fan de nije slibûntwetteringsynstallaasje op It Hearrenfean. De nije sintrifúzjes draaie effektiver as ferwachte, wat in besparing opsmyt yn de kosten fan de ôffier fan ûntwettere rioelslib.

Jelsumerfeart

Begjin 2024 waard Wetterskip Fryslân konfrontearre mei in hege konsintraasje PFAS/PFOS yn it oerflaktewetter fan de Jelsumerfeart tusken de Fleanbasis Ljouwert en de Dokkumer Ie. Sûnt dy tiid binne troch ús kosten makke foar ûndersyk en it nimmen fan maatregels yn it gebiet. Dizze kosten wurde byhâlden. Us ynset bliuwt derop rjochte om úteinlik te kommen ta in folsleine fergoeding fan alle makke en te meitsjen kosten, op basis fan it prinsipe dat de fersmoarger betellet. Dêrta litte wy ús juridysk bystean en wurdt in juridysk dossier opboud troch ús húsadvokaat Trip. De Staat der Nederlanden is troch ús skriftlik oanspraaklik steld foar de skea as gefolch fan de fersmoarging mei PFAS/PFOS. Neist dizze formele oanspraaklikheidstelling stjoere wy aktyf op hanthaving en op it befoarderjen fan it proses om yn goed oerlis mei partijen te kommen ta ôfspraken oer de sanearring, de planning dêrfan en de kosten.

Breed droegen koers

2024 wie it earste folle kalinderjier fan ús deistich en algemien bestjoer. Dêr't wy yn 2023 noch wurken op basis fan in begrutting fan it foarige bestjoer, keazen wy yn 2024 in breed droegen eigen koers. Dat diene wy tsjin de eftergrûn fan de tanimmende kompleksiteit fan ús wurk. Wy hawwe te krijen mei in feroarjend klimaat - yllustrearre troch heechwetterperioden yn jannewaris en novimber - en mei oprinnende kosten. Dy kosten komme fuort út de needsaak te ynvestearjen yn ús assets en út merkûntwikkelingen dêr't wy net folle ynfloed op hawwe, lykas ynflaasje, oprinnende rinten, de krappe arbeidsmerk en hege enerzjyprizen. Kostestigingen binne in bliuwend gegeven, sa is koartlyn sichtber makke yn in finansjele trochkyk nei 2050.

Stabilere tariven

Foar it meitsjen fan de begutting foar 2024 waarden alle útjeften kritysk tsjin it ljocht hâlden. It strjeben is om te wurkjen mei stabile belestingtariven en in slutende begutting, dêr't fêste kosten yn betelle binne út fêste ynkkomsten en reserves allinnich oansprutsen wurde foar ienmalige útjeften. Dat resultearre yn in begutting dy't neffens 2023 in sprong makke fan € 176 miljoen nei € 203 miljoen, mei meistiigjende lêsten foar ynwenners en bedriuwen.

Posityf resultaat

By it opmeitsjen fan de balâns is de konklúzje dat it slagge is binnen de kaders fan dizze begutting te bliuwen. Wy sleaten 2024 ôf mei in lyts posityf resultaat fan € 124.000.

Luzette Kroon, dykgraaf

Evelien van der Kuil, ynterim sekretaris-direkteur

